

Wethâlder yn Fryslân: amt, weryndieling en dualisme

Piet Hemminga

Summary

After the publication of an article about the aldermen of Fryslân at the beginning of the term 2002-2006, this article revisits the aldermen, now at the end of their term. The aldermen, elected in 2002, stood at the beginning of a new era in municipal politics, as the dual system was introduced. What are the experiences of the aldermen with this new division of responsibilities between Municipal Executive and Municipality Council? After four years the Frisian aldermen have been asked also after their opinion concerning a municipal rearrangement, still an actual question in the province of Fryslân. And what is the judgment of the aldermen about their office as an alderman. What qualities does an alderman need to function in his office?

This article makes clear that, after four years of practising dualism, the aldermen have a negative opinion about the progress dualism has made since 2002. Its goals are still far away. It's rather surprising that the aldermen of the smallest municipalities, those with less as 12.000 inhabitants, are more positive about dualism as the representatives of the medium-sized and greatest municipalities.

Since 2002 the support of a municipal arrangement has increased among the aldermen. But aldermen of medium-sized municipalities are least in favour of such an arrangement.

The time-consuming character of aldermenry is seen as its most unattractive aspect. On the other hand participation in the administration is seen as its most attractive aspect. Social skills are seen as most important qualities for an alderman.

1 Ynlieding

Yn 2004 haw ik op ditselde plak de resultaten publisearre fan in ûndersyk dat ik yn 2002 ûnder en nei de wethâlders yn Fryslân holden ha.¹

Doe't de sittingstermyn 2002-2006 fan dyselde wethâlders hast ôfrûn wie, ha 'k de Fryske wethâlders nochris in fragelist foarlein om nei te gean wat har miening oangeande in tal ûnderwerpen nei fjouwer jier (of langer) wethâlderskip is en oft dy miening yn dy fjouwer jier ek feroare is. Yn 2004 ha 'k ûnder mear skreaun dat de feroare opset fan it lokaal bestjoer, it ûntbrekken fan ûndersyk nei de wethâlders en de tanommen publike belangstelling foar de wethâlder, reden wienen om ûndersyk nei dat skift fan bestjoerders te dwaan. Feitlik jildt dy reden noch hieltiten.

2 It ûndersyk


2.1 Fraachstelling

De opset fan it lokaal bestjoer is mei it ynfieren fan in duale opset yn 2002 danich feroare. It leit dan ek benammen yn de reden om de wethâlders de fraach foar te lizzen hoe't se it dualisme beoardielje, nei't se dêr fjouwer jier ûnderfining mei opdien hawwe. Sawol yn 2002 as yn 2006 ha 'k frege nei it foar en it tsjin fan it dualisme. Boppedat ha 'k frege nei in tal aspekten dy't mei it wethâldersamt gearhingje. Wat is bygelyks de wichtichste kwaliteit dêr't in wethâlder oan foldwaan moat? Hoefolle tiid kostet it wethâlderskip? Wat is it oantreklike fan it wethâlder wêzen? Yn 2002 ha 'k fierders frege nei it stânpunt fan de wethâlders oangeande in mooglike gemeentlike weryndieling yn Fryslân. Op grûn fan de earste resultaten ha 'k de wjersin fan de wethâlders tsjin in weryndieling net lyts neamd, mar hoe hat him dat yn de fjouwer jier dêrnei ûntjûn?

2.2 De respondinten

Fan de op namme ferstjoerde enkêteformulieren binne 52 (N= 91) weromstjoerd. Ien formulier wie lykwols net brûkber, sadat 57 prosint fan de wethâlders út de jierren 2002-2006 yn it ûndersyk opnommen is. As sjoen wurdt nei de ferdieling fan de respondinten oer de politike partijen, yn ferliking mei de werklike ferdieling fan de wethâlderssitten oer de politike partijen, moat fêststeld wurde dat de lytsere partijen yn de twadde trânsj

Grafyk 1 Wethâlders nei politike partij yn %



fan it ûndersyk wat oerfertsjintwurdige binne. Boppedat is de PvdA, krektlyk as yn it ûndersyk fan 2002, ek yn it twadde ûndersyk, en foaral yn ferhâlding ta it CDA, goed fertsjintwurdige. En it CDA is yn it ûndersyk yn ferliking mei it werklik tal wethâlders ûnderfertsjintwurdige. De wethâlders fan D66 en GriensLinks, beide ien Fryske wethâlderssit yn it tiidrek 2002-2006, misse yn de twadde trânsj fan it ûndersyk. Mar seis prosint fan de respondinten is frou, wylst dat yn de werklikheid njoggen prosint is. Op himsels is dat trouwens ek moai wat minder as de 16,7 prosint froulike wethâlders dy't Nederlân yn dyselde perioade telt. Mei in trochsnee-âldens fan 55 jier binne de Fryske wethâlders krekt in jier âlder as de trochsnee fan de Nederlânske wethâlders yn 2005.

As it giet om it beoardieljen fan de útkomsten fan it hiele ûndersyk, kin net oan de ûnfoldwaande represintativens wat de politike kleur fan de wethâlders oanbelanget foarbyggen wurde.

Tabel 1 Oersjoch wethâlders feitlik en yn it ûndersyk yn relaasje ta it ynwennertal fan gemeenten

Ynwennertal gemeente	Tal gemeenten	Tal wethâlders		
		Feitlik	Undersyk 2002	Undersyk 2006
≤ 12.000	12 (39%)	26 (29%)	21 (30%)	16 (31%)
12.000-18.000	5 (16%)	14 (15%)	11 (15%)	8 (16%)
≥ 18.000	14 (45%)	51 (56%)	39 (55%)	27 (53%)
Mei-elkoar	31 (100%)	91 (100%)	71 (100%)	51 (100%)

As it om de represintativens fan de ûndersykspopulaasje giet, moat ek nei de grutte fan in gemeente sjoen wurde. De sifers fan tabel 1 meitsje dúdlik dat ferdieling nei grutte fan gemeenten yn it ûndersyk fan 2006 wakker itselde is as dy yn it eardere ûndersyk. Yn beide ûndersiken binne, yn ferliking mei de feitlike situaasje, de gruttere gemeenten krekt wat better fertsjintwurdige as de lytsere en middelgrutte gemeenten. Dat stiet trouwens net los fan it grutter tal wethâlders yn dy gemeenten. Dêr't de lytsere gemeenten it mei twa wethâlders dwaan moatte, telt de grutste gemeente, de haadstêd fan Fryslân, fiif *fulltime* wethâlders. Alle gemeenten binne op fjouwer nei yn it ûndersyk fertsjintwurdige. Dat betsjut tagelyk dat 13 prosint fan de Fryske gemeenten yn it lêste ûndersyk mist en dat persintaazje is likernôch itselde as it ynwennertal dat dy gemeenten yn Fryslân útmeitsje. Dy feiten soargje der ek foar dat men hoeden wêze moat om konstatearrings te dwaan en konklúzjes te lûken dy't folle fierder geane as de ûnderfrege wethâlders. Feitlik past it om net folle fierder te gean as

te sizzen dat de útkomsten, as it om alle wethâlders anno maart 2006 yn Fryslân giet, in beskate trend sjen litte.

Fan de ienenfyftich wethâlders yn it ûndersyk wie 73 prosint op 'e nij kandidaat foar in wethâlderskip foar nei it tiidrek 2002-2006. Foar goed de helte fan dy wethâlders soe dy ambysje útkomme. Mei de wethâlders dy't dochs al fan doel wienen om mei it wethâlderskip op te hâlden, is 57 prosint fan de wethâlders, dy't oan it ûndersyk meidien hawwe, yn de rin fan 2006 net as wethâlder weromkommen.

Yn de earste trânsj fan it ûndersyk ha 'k ûnder mear nei de portefúljes fan de wethâlders sjoen. Dat betsjut dat fan trijefjirde fan de wethâlders yn it ûndersyk fan 2006 de portefúlje bekend is. Fan 13 wethâlders is dat net it gefal. Fan de wethâlders dêr't de portefúlje fan bekend is, is goed 40 prosint warber op it mêd fan de romtlike oardering, in fjirde is ferantwurdlik foar ûnderwiis, wolwêzen c.a., 13 prosint hat de portefúlje finânsjes en goed in fyftepart hat in portefúlje dy't oan de ferdieling finânsjes, romtlike oardering en ûnderwiis foarbygiet.²

Foar it meitsjen fan in ferliking tusken de ûndersyksresultaten fan 2002 en dy fan 2006 is it fierder fan belang om nei te gean oft de twa ûndersykspopulaasjes yndied de selde binne. It kin ommers sa wêze, dat de 22 prosint fan de wethâlders dy't yn 2002 net oan it ûndersyk meidien hawwe dat no krekt wol dien hawwe, wylst in foarnaam part fan de respondinten fan no, earder net oan it ûndersyk meidien hat. Feitlik komt 86 prosint fan de respondinten yn it nijste ûndersyk ek yn dat fan 2002 foar. Fiif wethâlders hawwe net earder oan it ûndersyk meiwurke en twa wethâlders koenen dat net, om't dy tuskentiidsk yn de rin fan it tiidrek 2002-2006 wethâlder wurden binne. Dat nimt net wei dat de twa ûndersykspopulaasjes yn alle gefallen moai brûkt wurde kinne om de ûntjouwing yn stânpunten oangeande benammen it bestjoerlik dualisme nei te gean.

2.3 *Tiid*


Ien fan de fragen, sa't dy oan de wethâlders foarlein is, giet oer it tal oeren dat it wethâlderskip wyks freget. Dêrby moat betocht wurde dat wethâlders ornaris net tiidskriuwe. Sadwaande sille de antwurden op de oanbelangjende fraach wierskynlik net folle mear as in yndruk werjaan.

Mar leafst 63 prosint fan de respondinten lit witte wyks mear as fjirtich oeren oan it wethâlderskip kwyt te wêzen. In fyftepart fan de wethâlders kin mei fjirtich oeren wyks ta en 18 prosint hat in tiidsynset fan minder

as fjirtich oeren wyks. Under dat lêste skift falle ek inkelde wethâlders yn dieltiid.³ Yn dat gefal leit it fansels yn de reden dat it tal oeren by dat fan it meartal fan de wethâlders benefter bliuwt. Trijefjirde fan de bestjoerders dy't langer as fjirtich oeren wyks arbeidet, is yn de gemeenten mei mear as 18.000 ynwenners te finen. Dat is dochs opmerklik, want dat binne krekt dy gemeenten dêr't it om *fulltime* wethâlders giet, dêr't faak ek noch mear as twa fan binne.⁴ Fan de wethâlders yn gemeenten mei minder as 12.000 ynwenners hat 38 prosint krektlyk mear as fjirtich oeren wyks nedich, wylst inselde persintaazje oan in wurkwike fan tusken de tweintich en fjirtich oeren genôch hat. Dat makket dat it dreech is om mei in oare as finansjele argumintaasje foar it wethâlderskip yn dieltiid te pleitsjen.

Tagelyk moat fansels net it misferstân ûntstean dat de wurktiid dy't in wethâlder nedich hat, allinne mei it tal ynwenners fan in gemeente gearhinget. De lizzing fan in gemeente, ekonomyske en sosjale problematyk of de ynrjochting fan in gemeente, spylje net minder by.⁵ Boppedat hat ien en oar direkt te krijen mei sawol de ynhâld fan in portefúlje as de talinten, kennis en ûnderfining fan in wethâlder.⁶

Grafyk 2 Oeren wyks de wethâlder nei grutte fan de gemeente yn absolute tallen



As de útkomsten fan 2006 op dit punt ferlike wurde mei dy fan fjouwer jier earder, docht bliken dat de situaasje amper feroare is. Der kin feitlik allinne fan sein wurde dat earder noch inkelde wethâlders yn de grutste gemeenten mei minder as fjirtich oeren wyks ta koenen, mar dat dy der no net mear binne.

Fyftjin wethâlders dy't net mei in wurkwike fan 40 oeren takinne, hawwe har tiidsynset neier spesifisearre. Ien wethâlder hat it oer 45 oeren wyks, fiif wethâlders hawwe 50 oeren wyks nedich, seis wethâlders spandearje 60 oeren wyks en trije wethâlders litte witte it net foar minder as 65 oeren wyks te dwaan. Dat lêste is in grut tal oeren, dat suver tinken docht oan Johan Stekelenburg (1941-2003) dy't as boargemaster fan Tilburg neffens eigen berekkening 80 oeren wyks oan it wurk wie, mar doe't it VARA-TV Magazine de 'Kijkweek' fan de boargemaster publisearre, sjen liet dat er jûns gjin televyzje-programma miste en ek yn de wykeinen hiele dagen foar de televyzje trochbrocht.⁷

Hinget it tal oeren wyks ek gear mei de partij-eftergrûn fan de wethâlder? Yn alle gefallen hawwe de wethâlders fan ferskate Gemeente Belangpartijen relatyf de measte oeren foar har funksje nedich, wylst CDA-ers yn it algemien mei minder oeren ta kinne. Ek minder as PvdA-ers. Sjoen de lytse tallen kinne oan dy waarnimmings lykwols gjin konklúzjes ferbûn wurde. Boppedat giet it, sa't it foarbyld fan Stekelenburg ek dúdlik makket, benammen om de eigen persepsje en dy hoecht net hielendal lykop te rinnen mei it feitlik tal makke oeren.

2.4 *Aspekten fan it wethâlderskip*

2.4.1 *Oantreklikens*


As men allinne it tiidsbeslach fan it wethâlderskip al sjocht, kin men jin ôffreegje hoe oantreklik oft it wethâlderskip winliken is. It wethâlderskip is sels blykber foldwaande attraktyf om it net by ien sittingstermyn te litten, nettsjinsteande it ûnwisse politike bestean, it faak net dúdlike perspektyf nei in wethâlderskip of ûntefredenens oer de hichte fan de beleanning.⁸ Sa'n 73 prosint fan de sittende wethâlders ambiearret in nije sittingstermyn yn 2006. Net elk sil lykwols syn of har doel wat dat oangiet realisearje. De lytste helte, dat wol sizze 43 prosint fan de sittende wethâlders, begjint yn 2007 oan in nije amtstermyn fan yn prinsipe fjouwer jier.

It antwurd op de fraach nei de oantreklikens fan it amt fan wethâlder is net sûnder belang mei it each op it rekrutearjen fan nije wethâlders. Dat rekrutearjen is mei it ynfieren fan it duaal bestjoer rommer wurden, no't de wetlike mooglikheid bestiet om in wethâlder fan bûten de ried of de eigen gemeente te beneamen. Tagelyk giet it praktysk altiten noch wol om minsken dy't lid fan in politike partij binne. Dat lêste rekrutearingsfjild wurdt der net grutter op as allinne al nei de sakjende ledetallen fan bygelyks de âlde bestjoerspartijen sjoen wurdt.⁹ Dy weromrinnende

ledetallen wurde ek net goedmakke troch de groei fan nije partijen lykas de *Partij voor de Dieren* of *SP*.¹⁰

Yn 2004 hat Berenschot de wethâlders frege oft it wethâlderskip troch it ynfieren fan it dualisme ek oantrekliker wurden is. De grutste helte (56 prosint) fan de doe ûnderfrege Nederlânske wethâlders wie fan betinken dat de oantreklikens minder wurden wie, en mar 9 prosint tocht dat it amt oantrekliker wurden wie.¹¹ Ik ha net de fraach foarlein oft it wethâlderskip mei it dualisme oantrekliker wurden is, mar ik haw al frege de oantreklikens fan it wethâlderskip oan te jaan. De helte fan de wethâlders beândere dy fraach mei it neamen fan de moaie kanten fan it bestjoeren.

Grafyk 3 Oantreklikens wethâlderskip yn %




Bestjoere betsjut dat konkrete oplossings foar konkrete problemen oandroegen en realisearre wurde kinne, sa is it sizzen. In wethâlder kin stjoere, de foarstap ta allerhanne saken nimme en hat ynfloed op de gemeentlike gong fan saken. In treddepart fan de wethâlders neamt de sosjale kontakten dy't de funksje meibringt as oantreklikste aspekt fan it wethâlderskip. De kontakten mei amtners, kollega's, boargers en bedriuwen of ynstellings wurde as it moaie fan it wethâlderskip sjoen. In 15 prosint fan de respondinten hat it oer oare saken lykas it ôfwikseljend karakter fan it wurkmêd, it mei-elkoar oparbeidzjen en de frijens fan it wethâlderskip. It falt op dat de Fryske wethâlders net de mooglikheid om beskate politike doelen tichterby te bringen as oantreklik aspekt fan it wethâlderskip neame. De politike diminsje fan it wethâlderskip liket in net al te grutte rol te spyljen. Dat is net allinne yn de Fryske gemeenten sa, ek fierder yn Nederlân spylje polityk-ideologyske fariabelen yn it algemien gjin grutte

rol foar de wethâlders.¹² As in relaasje lein wurdt tusken de oantreklikste kant fan it wethâlderskip en de grutte fan de gemeente, hoecht it jin fierder gjin nij te dwaan dat krekt yn de lytsere en middelgrutte gemeenten heech opjûn wurdt fan de sosjale kontakten, wylst it yn de grutte gemeenten benammen om de bestjoerskant giet. Soks seit grif wat oer de ôfstân tusken bestjoer en bestjoerden yn lytsere en gruttere gemeenten. Der kin ek sjoen wurde nei de politike kleur fan de wethâlder en it oardiel oer wat oft it wethâlderskip oantreklik makket. Foar de CDA-ers ûnder de wethâlders giet it foaral om it bestjoeren, wylst it by PvdA-ers krekt wat faker om de sosjale kontakten giet. Dat is in konstatearring dêr't, mei sjoen de lytse tallen, fierder gjin oardiel oan jûn wurde kin.

2.4.2 *Ûnoantreklikens*

It wethâlderskip ken net allinne de nedige oantreklike kanten, mar hat ek syn skaadkanten.¹³ Hoewol, sân prosint fan de respondinten is fan betinken dat it wethâlderskip gjin ûnoantreklike kanten hat. 30 prosint fan de wethâlders fynt foaral de tiid dy't it wethâlderskip fergiet net oantreklik. Dêrûnder binne ek wethâlders dy't formeel wethâlder yn dieltiid binne, mar dêr mear tiid oan kwynt binne en dan ek graach wolle dat de formele en dêrmei betelle omfang fan de funksje útwreide wurdt.¹⁴ Fan dat skift fan wethâlders kin slim folholden wurde dat dy it amt fan wethâlder as in bybaan sjogge, lykas dat goed fyftjin jier ferlyn noch skreaun waard.¹⁵ In net lyts tal, sa'n 15 prosint fan de wethâlders, is fan betinken dat de dregens fan it burokratysk proses it wurk ûnoantreklik makket. In selde persintaazje tinkt sa oer de represintative ferplichtings en publyksaktiviteiten dy't ta it wethâlderskip hearre. Tsien prosint fan de wethâlders achtet it dualisme in ûnoantreklike kant fan it wethâlderskip, en in fyftepart fan de wethâlders neamt allerhanne oare minder aardige kanten fan it wethâlderskip.

Grafyk 4 *Unoantreklikens wethâlderskip yn %*



As in relaasje lein wurdt tusken de ûnoantreklike kanten fan it wethâlderskip en de politike kleur fan de wethâlders docht bliken dat PvdA-ers fan de ûnderskate partijen de grutste muoite mei it tiidsbeslach fan it wethâlderskip hawwe. CDA-ers hawwe it earder dreech mei de burokrasy, dreech draaiende amtlike molens, en ek it publike karakter fan it wethâlderskip, sa't dat ûnder mear ta utering komt yn represintative ferplichtings. Fertsjintwurdigers fan lokale partijen hawwe, neffens eigen sizzen, de measte muoite mei it omgean mei de ried, c.q. de duale opset fan it gemeentebestjoer. As trouwens it tal fallende wethâlders, dat wol sizze wethâlders dy't twongen wurde om fanwegen in polityk konflikt op te stappen, yn Nederlân besjoen wurdt, falt it op dat krekt de wethâlders fan lokale partijen yn dat stik fan saken net swak byspylje.¹⁶ Dêrby moat wol betocht wurde dat, oars as by de grutte partijen, mear as de helte fan de Fryske wethâlders fan lokale partijen yn 2002 nij yn it wethâldersamt wie.¹⁷ In tekoart oan ûnderfining spilet yn dizzen grif in rol.¹⁸ Boppedat hat in fertsjintwurdiger fan in nije spiler op it lokale politike toaniel, njonken dy partijen dy't al desennia lang bestjoersferantwurdlikens drage, net de maklikste rol. Foar de helte fan de VVD-wethâlders hat it wethâlderskip gjin ûnoantreklike kanten.

De relaasje tusken ûnoantreklikens fan it wethâlderskip en de politike kleur fan de wethâlder is mar ien aspekt. Sa kin ek tocht wurde oan in relaasje tusken (ûn)oantreklikens en de omfang fan de oanbelangjende gemeenten. Yn it ljocht fan de plannen ta gruttere gemeenten yn Fryslân is dat net sûnder belang. Of binne it mooglik de wethâlders dy't in net-tarikkende oplieding folge hawwe dy't de ûnoantreklike kanten fan it wethâlderskip earder tsjinkomme as dy mei wol in adekwate oplieding? Of moat mooglik tocht wurde oan ferskillen dy't mei de ynhâld fan de portefúlje te krijen hawwe?

De sifers meitsje ien en oar dúdlik. It docht bliken dat wethâlders yn de lytsere gemeenten, dy mei minder as 12.000 ynwenners, it faakst oer de beskikbere tiid kleie, wylst dat yn de tusken-gemeenten fierwei it minst bart. Dat is opmerklik, om't yn 2002 de wethâlders yn de lytste gemeenten faak gjin 40 oeren wyks foar it wethâlderskip nedich hienen. Yn de gruttere gemeenten wurdt ek oer de beskikbere tiid klage, mar dat bart minder faak as yn de lytsere gemeenten. Yn de grutste gemeenten wurde, net hielendal ûnferwachte, de neidielen fan de burokrasy folle faker neamd as yn de beide oare skiften fan gemeenten. Tagelyk kin fêststeld wurde dat de helte fan de wethâlders yn de grutste gemeenten gjin ûnoantreklike kanten fan it wethâlderskip neamt, wylst dat yn de lytste en middelgrutte gemeenten in fjirdepart net docht. Soks hat der dochs wat fan dat de tefredenens mei it wethâlderskip yn de grutste gemeenten faker foarkomt as yn de gemeenten oant 18.000 ynwenners.

Wethâlders mei in wat minder hege oplieding (mafû, hafû, middelber beropsûnderwiis) bringe fierders it tiidsprobleem hiel wat faker nei foaren as wethâlders mei in hbû-eftergrûn, wylst nimmen fan de wethâlders mei in akademyske oplieding it tiidsbeslach ûnoantreklik neamt. It omgean mei de ried is ek it neamen wurdich, om't dêr de feroarings dy't it duale systeem mei him brocht hat, mooglik it dúdlikst yn ta utering komt. Dat omgean mei de ried wurdt as ûnoantreklik aspekt troch alle opliedingsskiften like faak neamd. Blykber spilet oplieding yn dat stik fan saken gjin grutte rol.

Omreden fan it lytse tal froulju ûnder it folsleine tal wethâlders kin mar min wat sein wurde oer de ferskillen tusken manlju en froulju as it om de ûnoantreklike kanten fan it wethâlderskip giet. Dat nimt net wei dat de pear froulju yn de ûndersykspopulaasje allegearre it tiidsbeslach as iennichst neidielich aspekt fan it wethâlderskip neame. Dat is, fanwegen de feitlike, noch altiten besteande, ferdieling fan betelle wurk en soarchtaken tusken partners, net sa opmerklik.¹⁹


Ta beslút haw ik sjoen nei de relaasje tusken de minder aardige kanten fan it wethâlderskip en de ynhâld fan de portefúlje. Op 'e nij moat, fanwegen de lytse tallen, in foarbehâld makke wurde, mar de ûndersyksútkomsten lykje dochs dúdlik te meitsjen dat de wethâlders dy't ûnderwiis en wolwêzen ta har taken rekkenje, it faker dreech mei de tiid hawwe as wethâlders op it mêd fan romtlike oardering en ekonomy. Wethâlders dy't oer de finânsjes geane, kleie yn it ûndersyk net oer it tiidsbeslach dat har wurk freget. Dy útkomsten binne net echt ferrassend. Ommers, wolwêzen en ûnderwiis c.a. freegje in soad oerlis mei de oanbelangjende sektor.²⁰ Op it mêd fan de romtlike oardering c.a. komt ek in soad ekstern oerlis foar mei de befolking en direkt-belanghawwenden, mar in portefúlje as finânsjes is feitlik in mear yntern rjochte oangelegenheid. De beliedstarieding en beslútfoarming fynt benammen yn it gemeentehûs sels plak. Tagelyk binne PvdA-wethâlders relatyf faker warber op it mêd fan wolwêzen en ûnderwiis, wylst CDA-ers earder warber binne op it mêd fan finânsjes en ek romtlike oardering.²¹ Op sa'n wize is it te ferklearjen dat it earste skift it tiidsbeslach ek faker as in negative kant fan it wethâlderskip sjocht. Boppedat lykje de wethâlders foar it oplossen fan it tiidsprobleem earder holpen mei in adekwate oplieding as mei it grutter meitsjen fan de gemeente!

2.4.3 *Ferbetterings*

In adekwate oplieding is net it earste dêr't de measte wethâlders sels oan tinke as it om it oplossen giet fan tûkelteammen dy't mei it wethâlderskip gearhingje. Mar tsien prosint fan de wethâlders yn it ûndersyk tinkt oan it ynvestearjen yn oplieding, as de fraach foarlein wurdt wat oft der oan it

wethâldersamt ferbettere wurde moat of kin. Kennis wurdt yn it algemien troch de wethâlders net as in foarname betingst foar it wethâlderskip sjoen. In grut part fan de wethâlders, 37 prosint, bliuwt it antwurd op de fraach nei in mooglik ferbetterjen fan it wethâldersamt fierders skuldich of lit witte gjin ferbetterings nedich te finen. Dat is ferrassend te neamen as dat persintaazje ferlike wurdt mei de eardere lytse acht prosint dy't gjin ûnoantreklike kanten fan it wethâlderskip wist te neamen. In fjirdepart fan de respondinten achtet it nedich dat de politike posysje fan de wethâlder fersterke wurdt. Dat wollen stiet grif net los fan de ûnderfinings mei it nije duale stelsel sa't dat yn 2002 ynfierd is. Goed in fyftepart fan de respondinten stiet oan op in fersterkjen fan de rjochtsposysje fan de wethâlder. Dêrby giet it benammen om twa aspekten: oan de iene kant de honorearring en oan de oare kant de tiidsomfang. It giet yn dat stik fan saken benammen om wethâlders yn dieltiid dy't leaver in folsleine wurkwike hawwe wolle.

Grafyk 5 *Ferbetterjen fan it wethâlderskip yn %*




De wethâlders is ek de fraach foarlein wat oft de foarnaamste betingst is dêr't in wethâlder oan foldwaan moat. Sawat de helte fan de respondinten achtet sosjale feardigens de foarnaamste betingst foar in goed wethâlderskip. In fyftepart tinkt oan politike feardigens en krekt wat minder minsken wize op it belang fan yntegerens fan de kant fan de wethâlder. Mar acht prosint achtet kennis fan it grutste belang foar it wethâlderskip. Dat sifer rint moai lykop mei it persintaazje dat notearre waard oangeande it tinken oan mear of better oplieding.

3 Weryndieling

Yn it ûndersyk fan 2002 makke de helte fan de wethâlders dúdlik net foar in gemeentlike weryndieling te wêzen. In treddepart fan de wethâlders tocht dat in weryndieling nedich wie en in fyftepart hie gjin oardiel. Fierwei it grutste part fan de foarstanners fan in weryndieling kaam út de grutste gemeenten. De tsjinstanners wienen benammen yn de middelgrutte gemeenten te finen, dy fan tusken de 12.000 en 18.000 ynwenners, en, minder, út de lytste gemeenten. As it hear oersjoen wurdt, sa ha 'k earder skreaun, hie in weryndieling fan de doe sittende wethâlders net folle hannen op elkoar te ferwachtsjen. Hoe leit dat fjouwer jier letter?


Mei de stelling dat in gemeentlike weryndieling yn Fryslân nedich is, is no goed de helte, 53 prosint, fan de wethâlders it iens. Dêrûnder is 14 prosint dat seit it tige iens mei in weryndieling te wêzen en 39 prosint is it iens mei in weryndieling. Dat is mei-elkoar aardich mear as de 34 prosint dy't yn 2002 noch foar in weryndieling wie. Doe wie it tal wethâlders dat him net foar of tsjin útspruts hiel wat grutter as no. Yn 2002 gie it om 15 prosint fan de respondinten en no om noch mar fjouwer prosint. It tal tsjinstanners fan in weryndieling is no 43 prosint, wylst dat earder noch de helte wie. Winliken kin sein wurde dat yn ferliking mei de útkomsten fan fjouwer jier earder, de reeëns fan de wethâlders om te weryndielen tanommen is. Guon fan de wethâlders dy't earder noch gjin miening hiene, hearre no by de foarstanners foar in weryndieling, wylst ek it tal tsjinstanners lytser wurden is. Dy feroaring is lykwols noch wat oars as in substansjele omslach yn de hâlding foar in weryndieling oer.

Grafyk 6 Iens of ûniens mei in weryndieling 2002 en 2006 yn %



Op 'e nij is it meartal fan de wethâlders út de grutste gemeenten foar in weryndieling. Fan de tuskengemeenten is, anno 2006, in fjirdepart foar in weryndieling, wylst 44 prosint fan de wethâlders út de lytste gemeenten foar sa'n drege operaasje is. Dat betsjut op 'e nij dat fan de wethâlders út de middelgrutte gemeenten it grutste part, trijefjirde net foar in weryndieling fielt. Yn de lytste gemeenten binne likefolle wethâlders te finen dy't foar as dy't tsjin in weryndieling binne. Fan de grutste gemeenten fielt 43 prosint fan de wethâlders net foar in weryndieling.

Grafyk 7 Iens of ûniens mei in weryndieling yn relaasje ta de omfang fan de gemeente yn %



Is it mooglik sa dat de middelgrutte gemeenten dy gemeenten binne dy't, sa't ûndersyk earder sjen litten hat, faak mei minder problemen te krijen hawwe as bygelyks de allerlytste en -grutste gemeenten en sadwaande ek minder reden ta feroaring hawwe?²²


De wethâlders is frege wat oft har oardiel oer it funksjonearjen fan de eigen gemeente is. Praktysk elk, dat wol sizze mar leafst 94 prosint, is wakker te sprekken oer it funksjonearjen fan de eigen gemeente.²³ Dy tefredenens sil, lykas de selsevaluaasje bestjoerskwaliteit yn 2003 ek al dúdlik makke, it tinken oan in weryndieling grif net stypje.²⁴ As de omfang fan de gemeente yn relaasje ta it oardiel oer it gemeentlik funksjonearjen derby behelle wurdt, falt it op dat nimmen fan de wethâlders út de middelgrutte gemeenten it ûniens is mei de stelling dat de gemeente goed funksjonearret. By de beide oare skiften fan gemeenten leit dat, mei in inkelde krityske wethâlder, trouwens amper oars.

Om it byld fierder folslein te krijen is de wethâlders ek nei in oardiel oer it funksjonearjen fan de gemeenteried frege. It resultaat lit sjen dat de antwurden fariearder binne as dy op de fragen nei it funksjonearjen fan de gemeente en it kolleezje fan boargemaster en wethâlders. Goed de helte fan de wethâlders (57 prosint) is fan betinken dat de gemeenteried goed funksjonearret, sawat 14 prosint sprekt him net út oangeande dat stik fan saken en 27,5 prosint is fan betinken dat de gemeenteried net goed funksjonearret. Dat mear as in fjirdepart fan de wethâlders dat lêste judisium jout, is yn it ljocht fan de tefredenens oer de eigen gemeente en ek oer it kolleezje fan boargemaster en wethâlders, opmerklik. Dy ûntefredenens oer it funksjonearjen fan de gemeenteried rint yn de trije skiften fan gemeenten aardich lykop, mar komt yn de grutste gemeenten relatyf krekt wat mear foar. Is yn dy gemeenten de ôfstân tusken it kolleezje fan boargemaster en wethâlders oan de iene kant en de gemeenteried oan de oare kant mooglik it grutst en ferklearret dat it oardiel fan de wethâlders? Binne yn dy gemeenten mooglik de ferwachtings heger en is sadwaande it oardiel kritysker? Of geane se dêr krekt wat politiker mei elkoar om?

Ik ha ek nochris sjoen nei de mieningsfoarming op it krektneamde stik fan saken yn de ûnderskate politike partijen. Hoewol't de lytse tallen it ek op dat punt dreech meitsje om al te fiergeande konklúzjes oan de útkomsten te ferbinen, kin sein wurde, dat goed de helte fan de wethâlders fan de trije bestjoerspartijen, CDA, PvdA en VVD, it mei de stelling iens is dat in weryndieling yn Fryslân nedich is. It CDA hat de measte foarstanners foar in weryndieling, wylst de tsjinstanners yn ferhâlding krekt wat faker ûnder de PvdA-wethâlders te finen binne. Yn it earder holden ûndersyk wûnen de tsjinstanners fan in weryndieling it yn alle partijen noch fan de foarstanners, dat is no krekt oarsom. Mar ek dy feroaring makket noch net dat sein wurde kin dat fan in werklike omslach yn de hâlding foar in weryndieling oer praat wurde kin. Oangeande de lokale partijen, ChristenUnie en FNP kinne, mei it each op de lytse absolute tallen, slim konklúzjes lutsen wurde.

Under de wethâlders dy't yn 2006 it amt ferlitten hawwe is sawol it tal foar-as tsjinstanners fan in weryndieling grutter as ûnder de wethâlders dy't nei de ferkiezings fan 2006 wethâlder bleaun binne. It liket derop dat yn it sicht fan it oerdragen fan de bestjoerlike ferantwurdlikens de romte groeit om in wat mear útsprutsen stânpunt yn te nimmen. Dat docht ek bliken út it wat gruttere tal fan de net-weromkommen wethâlders dat it 'tige iens' of 'tige ûniens' ynfollet, yn ferliking ta de wethâlders dy't bleaun binne.

Grafyk 8 Iens of ûniens mei in weryndieling yn relaasje ta politike partij yn %



Konkludearjend kin sein wurde dat yn de sittingsperioade 2002-2006 it draachflak ûnder de wethâlders foar in gemeentlike weryndieling tanommen is. Earder wie it meartal tsjin, no is it meartal fôar in weryndieling. Mar dat wol noch net sizze dat praat wurde kin fan in breed droegen en fiergeande stipe foar plannen ta in weryndieling. Lykas earder ek al it gefal wie, is krekt ûnder de wethâlders yn de middelgrutte gemeenten it entûsjasme foar in weryndieling it lytst.

4 Dualisme

4.1 Ynlieding


Op 7 maart 2002 waard de Wet dualisering gemeentebestuur (Stb. 2002, 111) fan krêft. Dualisearring hâldt in skieden fan formele taken en foech fan twa bestjoersorganen yn.²⁵ De wet jout oan dat it de bedoeling is om fan de gemeenteried it wichtichste lokale politike foarum te meitsjen, de folksfertsjintwurdigjende funksje fan de gemeenteried op te heljen en de werkenberens fan it lokaal bestjoer foar de boarger te fersterkjen. Dêrta binne rieds- en wethâlderskip útinoar helle, it bestjoersfoech leit tenei by it kolleezje fan boargemaster en wethâlders, wylst de ried benammen kontrolearret. Fierders is de posysje fan de boargemaster fersterke.²⁶ Underwilens hat de stjoergroep *Evaluatie Dualisering Gemeentebestuur*, dêrta ynsteld troch de minister foar Bestjoerlike fernijing en Keninkryksrelaasjes, yn 2004 ûndersyk dien nei de Wet dualisering gemeentebestuur. Yn har evaluaasje stelt de stjoergroep fêst dat de doelen fan de wet noch net helle binne. Sa hat noch net genôch bliken dien dat

de posysje fan de gemeenteried as foarnaamste lokaal polityk foarum ophelle is, dat de folksfertsjintwurdigjende funksje better wurden is en dat de werkenberens fan it lokaal bestjoer foar de boarger grutter wurden is. Bûtendat hat de stjoergroep fêststeld, dat yn in soad gemeenten praat wurde kin fan in ûnfoldwaande oparbeidzjen tusken de ried en it kolleezje fan boargemaster en wethâlders.²⁷ Hoe sjogge de Fryske wethâlders fan de earste lichtung dy't mei it duale systeem te meitsjen krige, tsjin it dualisme oan?

4.2 Oantreklikens wethâlderskip

Hjirfoar haw ik it oer de (ûn)oantreklike kanten fan it wethâlderskip hân. It ynfieren fan it gemeentlik dualisme rekket alle gemeentlike bestjoersorganen en dus ek de wethâlder. Is it wethâlderskip mei it ynfieren fan it dualisme oantrekliker wurden? 'Nee!', seit it meartal fan de wethâlders. Feitlik is it wethâlderskip foar it meartal fan de wethâlders krekt ûnoantrekliker wurden, sa litte de útkomsten fan it ûndersyk sjen.

Grafyk 9 Dualisme en wethâlderskip yn %



As in relaasje lein wurdt tusken it oardiel oer it wethâlderskip dat mei de yntroduksje fan it dualisme feroare is, en de grutten fan de gemeente, docht bliken dat de wethâlders yn de grutste gemeenten it faker ûniens binne mei de stelling dat it wethâlderskip mei de komst fan it dualisme oantrekliker wurden is, as de wethâlders yn de middelgrutte gemeenten. Dy lêste hawwe fan de trije skiften it faakst gjin oardiel oer dy stelling.

De wethâlders yn de lytste gemeenten binne it it faakst mei de stelling iens. Dat kin mooglik net los sjoen wurde fan de útgongssituaasje yn dy gemeenten, mar it kin fansels krekt likegoed gearhingje mei eardere ferwachtings fan wethâlders oangeande it dualisme.

In wethâlder makket, ek yn it duale bestel, diel fan in kollegiaal kolleezje út.²⁸ It kin hast net oars as dat it dualisme ynfloed op dy kollegialiteit hat. Dat kin sawol posityf as negatyf útpakke. Sadwaande is de wethâlders de stelling foarlein oft it dualisme it oparbeidzjen fan de kolleezjeleden fersterke hat. De útkomsten rinne moai lykop mei dy't werjûn binne yn grafyk 9. Krekt yn de grutste gemeenten binne de wethâlders te finen dy't it net mei de stelling iens binne, wylst mear as de helte fan de wethâlders yn de lytste, en ek middelgrutte gemeenten, dúdlik makket dat dy it mei de stelling iens is. Hoewol't it al earder neamde ûndersyk fan Berenschot witte lit dat de kollegialiteit yn sawol kolleezjes fan boargemaster en wethâlders as yn gemeenterieden ûnder ynfloed fan it dualisme liket te groeien, hoecht it jin gjin nij te dwaan dat dêr troch wethâlders út lytsere en gruttere gemeenten ferskillend oer tocht wurdt.²⁹ Feitlik soe it my net fernuverje as it kollegiaal bestjoer better by de lytsere as by de gruttere gemeenten past. Krekt yn gruttere gemeenten hat de wethâlder har of him wat langer wat mear ûntjûn ta in selsstannich politikus, wylst it kolleezje fan boargemaster en wethâlders dêrmei tagelyk minder op de foargrûn is kommen te stean.³⁰


Yn alle gefallen kin konkludearre wurde dat de útwurking fan it dualisme foar de wethâlders yn benammen de lytste gemeenten positiver ynskat wurdt as foar de wethâlders yn de grutste gemeenten.

4.2 *Effektiver bestjoer*

Ut it wethâldersûndersyk fan 2002 kaam nei foaren dat de earste lichter fan de wethâlders dy't te krijen hie mei it dualisme kritysk oer de gefolgen wie. Sa ferwachte in goed fyftepart fan de wethâlders yn 2002 gjin inkeld foardiel fan it dualisme. Fjouwer jier letter is 66 prosint fan de respondinten it net iens of sels tige ûniens mei de stelling dat it dualisme de gemeente in effektiver bestjoer oplevere hat. Acht prosint hat gjin miening en 26 prosint is it iens mei dy stelling. Men soe jin ôffreegje kin oft de wethâlder dy't oan de ein fan syn wethâlderskip is, dêr mooglik oars oer tinkt as de wethâlder dy't noch graach fjouwer jier fierder wol. De sifers litte lykwols sjen dat soks net it gefal is. Sawat trijefjirde fan de respondinten dy't nei 2006 op 'e nij op it wethâldersplús sit, is it net iens mei de stelling dat it dualisme in effektiver bestjoer yn de eigen gemeente opleveret. Fan de ûnderwilens âld-wethâlders tinkt goed 60 prosint der ek sa oer.

As de politike kleur fan de wethâlders keppele wurdt oan it oardiel oer in effektiver bestjoer as gefolch fan it dualisme, docht bliken dat de wethâlders dy't dêr oars oer tinke yn alle partijen te finen binne, mar dat de wethâlders

Grafyk 10 *Dualisme betsjut effektiver bestjoer yn relaasje ta politike partij yn %*




dy't positiver foar it dualisme oer steane benammen by it CDA en de PvdA te finen binne. Dat nimt net wei dat ek fan dy partijen twatredde part fan de de wethâlders negatyf is oer de útkomsten fan it dualisme foar it efektyf bestjoeren fan de gemeente. Sa't ik yn myn bydrage yn 2004 ek al skreaun ha, smyt sa'n útkomst op'e nij de fraach op yn hoefier oft de yntroduksje fan it dualisme genôch rekken holden hat mei it deistich bedriuw fan de gemeentepolityk.³¹

4.3 Boargers tichterby

It dualisme hat net allinne it effektiver bestjoeren fan de gemeente ta doel, mar is ek bedoeld om de boarger tichter by de gemeentlike polityk te bringen. Mar leafst goed 90 prosint fan de respondinten is fan miening dat soks oan no ta net slagge is.³²

Der is werklik nimmen dy't tinkt dat it dualisme de boarger tichter by it gemeentlik polityk bedriuw brocht hat! En as men de opfettings fan de wethâlders yn relaasje ta de gruttens fan har gemeente besjocht, dan docht bliken dat it ûngenoege yn de middelgrutte gemeenten it grutst is. Dat nimt lykwols net wei dat ek de wethâlders fan de lytsere en grutste gemeenten allyksa net sjogge dat de boarger nei it ynfieren fan it dualisme

Grafyk 11 Dualisme bringt de gemeentepolityk tichter by de boarger yn %




minder fier fan de gemeentepolityk ôfstiet. Soks kin men suver it fallisemint fan de earste fjouwer jier gemeentlik dualisme neame. Dat is hiel wat oars as it Ministearje fan Binnenlânske Saken en Keninkryksrelaasjes op grûn fan it wurk fan de stjoergroep 'Evaluatie dualisering gemeentebestuur' fêststelde.³³ 'De einddoelen van de Wet dualisering gemeentebestuur -herstel van de positie van de gemeenteraad als het belangrijkste lokale politieke forum, herstel van de volksvertegenwoordigende functie van de gemeenteraad en versterking van de herkenbaarheid van het lokale bestuur voor de burgers- (overigens niet overal in gelijke mate) dichterbij zijn gekomen.' De hjir presintearre útkomsten rinne tagelyk wol moai lykop mei de konklúzjes fan dyselde stjoergroep, dy't oars as it ministeriële skriuwen tinken docht, krekt sizze dat de doelstellings fan de wet noch net berikt binne.³⁴

4.4 Wethâlder fan bûten de ried

In feroaring dy't de wet dualisearring gemeentebestjoer mooglik makke hat, is it oanlûken fan wethâlders fan bûten de gemeenteried. Yn de riedsperiode 2002-2006 hat yn Fryslân allinne Littenseradiel fan dy mooglikheid gebrûk makke.³⁵ Yn de perioade dy't yn 2006 út ein set is, binne der al 20 Fryske gemeenten mei ien of mear wethâlders dy't fan bûten de keazen ried komme, dêrûnder op 'e nij Littenseradiel, no mei twa eksterne wethâlders. Mei-elkoar giet it yn Fryslân, anno 2006, om 26 fan sokke eksterne wethâlders, dat wol sizze dat it om sawat 29 prosint fan alle wethâlders giet. Dat betsjut dat it oanlûken fan in wethâlder fan bûten de eigen ried, ien fan de nijichheden yn de wet dualisearring

gemeentebestjoer, yn fjouwer jier moai opgong makke hat en dat wylst yn 2002 noch sawat 60 prosint fan de wethâlders it net mei de stelling iens wie dat in wethâlder fan bûten de ried oanlutsen wurde moast.

Grafyk 12 Oardiel oer de wethâlder fan bûten de ried yn relaasje ta de politike partij yn %



En nei fjouwer jier dualisearring is dat persintaazje opmerklik genôch noch heger, want mar leafst 68 prosint fan de wethâlders yn it ûndersyk seit tsjin de mooglikheid fan in ekstern oan te lûken wethâlder te wêzen, wylst in fyftepart gjin miening hat. Dat wie yn 2002 noch mear as in tredde part. Dat betsjut dat de wethâlders dy't dêr yn 2002 noch gjin dúdlik oardiel oer hienen, har dêr fjouwer jier letter, yn alle gefallen foar in part, negatyf oer uterje. Allinne yn de lokale partijen is de animo foar in wethâlder fan bûten de ried grutter as yn de âlde bestjoerspartijen. It binne dan ek krekt de lytsere lanlike en lokale partijen dy't faker as CDA, PvdA en VVD in berop dogge op in wethâlder fan bûten de ried.³⁶

Binne de wethâlders dy't yn 2006 fan it politike toaniel ferdwûn binne mooglik krekt dyjingen dy't yn de rin fan de lêste fjouwer jier negativer oer de wethâlder fan bûten wurden binne? De útkomsten fan it ûndersyk meitsje dúdlik dat soks net sa is. Fan de wethâlders dy't it wethâlderskip fuortsette wolle fielt 73 prosint net foar in wethâlder fan bûten de ried, wylst goed de helte fan de ferdwinende wethâlders dêr sa oer tinkt. It leit grif net yn de reden om dy ûntjouwing ta te skriuwen oan de ûnderfinings dy't yn Fryslân allinne de gemeente Littenseradiel mei in wethâlder fan bûten opdien hat. Wat lykwols wol de grûnslach is foar de utere opfettings,


is noch net sa ien-twa-trije dúdlik. Is it mooglik dat de wethâlders fan betinken binne dat de gearstalling fan it sittende kolleezje fan boargemaster en wethâlders sa goed funksjonearret, dat sadwaande it tinken oan immen fan bûten gjin kâns kriget? Of wurdt op dit plak it sizzen wiermakke, dat in nij idee it bêste om sjippe holpen wurde kin troch it yn in âlde organisaasje oan de oarder te stellen?

Mei it sizzen dat it 'eigen' kolleezje fan boargemaster en wethâlders goed funksjonearret, blykt praktysk elk fan de wethâlders it iens te wêzen. 70 prosint fan de respondinten is it mei dat sizzen iens, sawat 18 prosint seit it dêr tige iens mei te wêzen, wylst tsien prosint it net mei dat sizzen iens is. Dy grutte tefredenens mei it eigen kolleezje, dy't trouwens foar in grut part lykop rint mei de al earder fêststelde tefredenens oer it funksjonearjen fan de gemeente, hâldt grif ek yn dat de wethâlders net fuortendaliks fiele foar it wizigjen fan it eigen 'winning team' en dêrmei foar it oanlûken fan in wethâlder fan bûten it eigen fermidden. It is namste opmerkliker dat it tal fan bûten kommende wethâlders nei de riedsferkiezings fan 2006 sa tanommen is. Mar dat hat grif minder te krijen mei opfettings, as mei it dreech rekrutearjen fan rieds- en dêrmei ek wethâlderskandidaten.³⁷

4.5 Minpunten dualisme

Om't in grut part fan de wethâlders net mei it ynfieren fan it dualisme ynnommen is, haw ik ek frege nei wat as neidiel fan it dualisme sjoen wurdt.

Grafyk 13 Neidielen dualisme yn relaasje ta grutte fan de gemeente yn %




Sa'n lytse 40 prosint fan de wethâlders achtet de (ûntstiene) kleau tusken oan de iene kant it kolleezje fan boargemaster en wethâlders dat it bestjoersfoech hat, en oan de oare kant de gemeenteried dy't it kaderstellend en kontrolearjend foech hat, te grut of mooglik sels net winsklik. De kosten dy't mei it dualisme anneks binne, of de tanommen burokrasy, wurde folle minder troch de wethâlders neamd. Yn it skift fan ferskate beswieren wurdt ûnder mear it, ek hjirfoar al neamde, minder goed funksjonearjen fan de ried neamd. Hoe't dêrfoar oer de ried it funksjonearjen fan it kolleezje fan boargemaster en wethâlders sjocht, ha k net neigien, om't ik myn ûndersyk beheind ha ta de wethâlders. De wethâlders dy't gjin problemen mei it dualisme hawwe binne yn de trije skiften fan gemeenten wakker like faak te finen, mar yn de lytste gemeenten noch krekt wat faker as yn de grutste gemeenten. It skift fan de middelgrutte gemeenten neamt de kleau tusken kolleezje en ried it faakst as in neidiel fan it dualisme. Yn dat skift fan gemeenten wurdt it ferskil tusken foar en nei de ynfiering fan it dualisme it faakst as minpunt sjoen. Mooglik wienen krekt yn dy gemeenten de neidielen fan it eardere monistysk systeem, en dan benammen de ferfrissing fan ried en kolleezje fan boargemasters en wethâlders, foaral te fielen.

4.6 Pluspunten dualisme

It tsjin bestiet net sûnder it foar en sadwaande ha 'k de wethâlders ek inkelde foardielen fan it dualisme foarlein en frege wat oft har oardiel is.

Grafyk 14 *Pluspunten dualisme yn relaasje ta grutte fan de gemeente yn %*



De grafyk makket dúdlik dat it foarnaamste part fan de wethâlders, sawat 60 prosint, de tanommen helderens yn posysje en taakferdieling fan respektivelik kolleezje en ried it grutste foardiel fan it dualisme fynt. Wat oan de iene kant

as in spitige kleau sjoen wurdt, is oan de oare kant blykber krekt it pluspunt fan de nije opset fan it gemeentebestjoer. Sa wurdt sjen litten dat ien en itselde ferskynsel hiel ferskillende reaksjes oproppe kin. Mei-elkoar wit mar leafst in fyftpart fan de ûnderfrege wethâlders gjin pluspunten dy't anneks binne mei it dualisme te neamen. Dat is op 'e nij gjin oanrekommandasje foar it dualisme. It binne benammen de wethâlders út it skift fan de middelgrutte gemeenten dy't it faakst gjin pluspunten fan it dualisme witte te neamen. Krekt it middenskiif fan de gemeenten hat mooglik it minst fan it dualisme profitearre. Dat kin sawol te krijen hawwe mei de ymplementaasje fan it dualisme as mei de situaasje fan foar it dualisme. Dat it dualisme ek in bettere beslútfarming mooglik makke hat, wurdt amper troch de wethâlders sjoen. Yn it ljocht fan de eardere opmerkings oer it funksjonearjen fan de ried is it opmerklik dat in tal wethâlders fan de lytste gemeenten in better funksjonearjende ried as in pluspunt fan it dualisme sjogge.

4.7 Konklúzje

De wethâlders yn de lytse gemeenten, dy mei minder as 12.000 ynwenners, binne it meast posityf oer de gefolgen fan it dualisme foar it wethâlderskip. Dat hat ûnder mear te krijen mei de tanommen kollegialiteit yn it kolleezje fan boargemaster en wethâlders. Yn de grutste gemeenten is it oardiel dúdlik minder posityf. Hat dat mooglik te krijen mei de ferskillende begjinsituaasjes? Wie it ûntfrisseljen fan de ûnderskate ferantwurdlikheden yn de lytse gemeenten mooglik mear nedich as yn de grutste gemeenten? Dochs is de útkomst dat krekt de wethâlders yn de lytste gemeenten positiver oer it dualisme tinke as har kollega's út de gruttere gemeenten, opfallend te neamen, om't de lytsere gemeenten earder krekt it minst oer de ynfiering fan it dualisme te spreken wienen. It ynfieren fan it dualisme waard yn de lytsere gemeenten yndertiid sjoen as 'iets dat nu eenmaal moet'.³⁸

De negative ferwachtings oangeande it dualisme, sa't dy yn 2002 by in part fan de wethâlders libben, lykje nei fjouwer jier dualistysk systeem trouwens allinne mar tanommen te wêzen. Twatredde part fan de respondinten sjocht bygelyks dualistyske doelen, lykas in effektiver bestjoer, net tichterby kommen. Noch sterker jildt dat foar in oar doel, te witten de boarger tichter by it lokaal bestjoer te bringen. Ek it doel om fan de gemeenteried it wichtichste politike foarum yn de gemeente te meitsjen, wurdt troch de wethâlders net helle achte. Sokke útkomsten meitsje dat sein wurde moat dat de dualistyske opset fan it gemeentebestjoer noch krekt wat mear tiid as fjouwer jier nedich hat om syn doelen te berikken.³⁹

Nettsjinsteande it sûnt 2006 flink tanommen tal wethâlders dat fan bûten de ried komt, binne de wethâlders yn it tiidrek 2002-2006 yn mearderheid

net foar dy yn it duale stelsel nij beane mooglikheid. Hat dat mooglik te krijen mei de hege wurdearring foar it funksjonearjen fan it eigen kolleezje fan boargemaster en wethâlders? Dy wurdearring is der ek as it om it funksjonearjen fan de gemeente giet, wylst it oardiel kritysker is as it om it hâlden en dragen fan de gemeenteried yn relaasje ta it dualisme giet. It hat der in soad fan dat de gemeenteried foar de wethâlders de grutste tûkelteam is yn it tichterby bringen fan de doelen fan it dualisme.

As minpunt fan it dualisme wurdt foaral de kleau tusken it kolleezje fan boargemaster en wethâlders oan de iene kant en de gemeenteried oan de oare kant neamd. Tagelyk wurdt de tanommen helderens yn posysje en taakferdieling fan dyselde twa organen it faakst as pluspunt fan it dualisme neamd. Dat betsjut dat de twa kanten fan ien en deselde medalje hiel ferskillend wurdearre wurde.

5 Besprek

Yn it besjen fan de útkomsten fan de enkête ûnder de Fryske wethâlders ha 'k in pear kear in relaasje lein mei sawol de politike kleur fan de wethâlders as mei de grutte fan de gemeente. En hoewol't it dreech is, sjoen it lytse tal respondinten, om al te fierrikkende konklúzjes te lûken, kin dochs sein wurde dat de âlde bestjoerspartijen har ûnderskiede fan de oare partijen, troch minder faak te kiezen foar de uterste kanten fan antwurdkategoryen. CDA en PvdA oppenearje har yn de enkête yndied as bestjoerspartij, sa soe men sizze kinne, mei each foar mear as ien kant en opfetting. Dy twa partijen binne ek mijender yn har oardiel oer de resultaten fan it dualisme as de oare partijen.⁴⁰ Dat nimt lykwols net wei dat it dualisme yn de earste fjouwer jier nei de ynfiering de fuotten noch net ûnder it gat hat. It dualisme hat noch gjin effektiver bestjoer, in fersterking fan de ried as it politike foarum of in grutter belutsenens fan de boarger brocht, as men op de wethâlders ôfgiet. As men der fan útgiet dat it dualisme yndied it passend medisyn is om dy doelen te berikken, dan moat sein wurde dat it medisyn mear tiid om te wurkjen nedich hat as fjouwer jier.

As sjoen wurdt nei de relaasje tusken it dualisme en de omfang fan gemeenten is it opfallend dat de wethâlders yn de lytsere gemeenten positiver oer de nije opset fan it bestjoer tinke as har kollega's fan de gruttere gemeenten. Krekt de wethâlders fan de lytste gemeenten wienen yn it earstoan it meast kritysk oer it ynfieren fan it dualisme. Tagelyk kin sein wurde dat dy útgongsposysje de measte mooglikheden biedt ta feroaring en wiziging fan it earder ynnommen stânpunt. Dat nimt lykwols net wei dat dúdlik praat is fan wiziging en feroaring yn it foardiel fan it dualisme. Dat soe te krijen hawwe kinne mei it posityf wurdearjen fan it

útinoar heljen fan de ferantwurdlikens fan de ûnderskate bestjoersorganen dy't krekt yn de lytsere gemeenten mooglik it sterkst ferfrisste wienen.

Fierders moat fêststeld wurde dat de wethâlders dy't oan it ûndersyk meidien hawwe de fêststelde doelen fan it dualisme noch net realisearre sjogge. Ik haw dêr hjirfoar fan sein dat dêr yn alle gefallen mear tiid foar nedich is as de fjouwer jier dy't de wethâlders meimakke hawwe.

Yn 2002 fielde de helte fan de wethâlders net foar in nije weryndieling fan de Fryske gemeenten. De foarstanners fan sa'n operaasje wienen benammen yn de grutste gemeenten te finen. Fjouwer jier letter is de reeëns om te weryndielen dúdlik tanommen, sûnder dat praat wurde kin fan in substansjele omslach yn de eardere hâlding. Wethâlders fan de middelgrutte gemeenten, dy mei tusken de 12.000 en 18.000 ynwenners, hawwe dúdlik it minste ferlet fan sa'n operaasje. Yn dy gemeenten is de tefredenens fan de wethâlders oer it funksjonearjen fan de gemeente ek suver algemien. Yn alle trije skiften fan gemeenten binne de wethâlders kritysk oer it funksjonearjen fan de gemeenteried, mar dat jildt noch it sterkst yn de grutste gemeenten. Krekt yn it ljocht fan weryndielen en dualisme soe nochris benammen sjoen wurde moatte nei de fraach hoe't gemeenterieden fersterke wurde kinne. Om dêr wat oan te dwaan hat it dualisme ûnder mear riedsgriffys mooglik makke, mar blykber hat dat oan no ta net laat ta in wêzentlik fersterkjen fan de rieden.

Ta de ûnoantreklikste kant fan it wethâlderskip moat it grutte tiidsbeslach rekkene wurde, sa lit it ûndersyk sjen. Opfallend is dat benammen de wethâlders yn de gemeenten mei minder as 12.000 ynwenners foaral dat tiidsbeslach as in ûnoantreklike faktor sjogge. Wethâlders fan de middelgrutte gemeenten, dy tusken 12.000 en 18.000 ynwenners dus, hawwe dêr de minste problemen mei. En tagelyk kin fêststeld wurde dat wethâlders mei de heechste opliedings, oars as dy mei de legere opliedings, it net oer tiid hawwe. De útkomsten meitsje ek dúdlik dat it realisearjen fan politike idealen en doelen net de oantreklikens fan it wethâldersbestean útmeitsje. It giet folle faker om it plak dat de wethâlder yn it bestjoersproses ynnimt. Tagelyk wurdt faker as ien kear it ferlet field om de kwetsbere posysje fan de wethâlder te fersterkjen. De kant fan de mannichte oan sosjale kontakten wurdt minder faak neamd en is tagelyk foar oaren krekt minder oantreklik. De wethâlders út de lokale partijen hawwe faker minder aardichheid oan de omgong mei de ried. Mar dat binne ek faker de wethâlders dy't nij yn it amt fan wethâlder binne. Sosjale feardigens wurdt fierder it faakst sjoen as de foarnaamste betingst dêr't in wethâlder oan foldwaan moat.

Ta beslút wol ik opmerke, dat de middelgrutte gemeenten, lykas sein dy mei in ynwennertal fan tusken 12.000 en 18.000, net allinne wat ynwennertal oanbelanget in middenposysje ynnimme, mar sjoen har útgongsposysje ek minder ferlet fan feroarings hawwe, lykas in weryndieling of it dualisme, as de lytste en grutste gemeenten.⁴¹

Noaten

- 1 Piet Hemminga, Skaaimerken en stânpunten fan wethâlders yn Fryslân, yn: *It Beaken*, 66, 2004, 2, 127-157.
- 2 De yndieling finânsjes, romtlike oardering en ûnderwiis is basearre op de meast foarkommende portefúljekombinaasjes (Schalken, C. A. T., De portefeuilles van wethouders, yn: P. W. Tops, A. F. A. Korsten, C. A. T. Schalken (red.) *De wethouder*, VUGA, 's-Gravenhage, 1994, 147).
- 3 Sjoch: Piet Hemminga, *Ibidem*, 139. Fan 1981 ôf koenen gemeenten mei mear as 30.000 ynwenners foltiid-wethâlders beneame. Yn 1987 waard de grins foar foltiid-wethâlders ferlege nei 24.000 ynwenners en fan it begjin fan de njoggentiger jierren ôf leit dy grins by 18.000 ynwenners (W. J. M. Pol en J. M. J. Berghuis, Bestuur, yn: J. M. J. Berghuis, M. Herweijer, W. J. M. Pol, *Effecten van herindeling*, Kluwer, Deventer, 1995, 108).
- 4 Artikel 36 fan de Gemeentewet seit: 'Het aantal wethouders bedraagt ten hoogste twintig procent van het aantal raadsleden, met dien verstande dat er niet minder dan twee wethouders zullen zijn.' En fierders: '[i]n gemeenten waar het wethouderschap een volledige betrekking is kan de raad besluiten dat een of meer van die betrekkingen in deeltijd worden uitgeoefend.' Yn dat gefal 'bedraagt [...] het aantal wethouders ten hoogste vijfentwintig procent van het aantal raadsleden, met dien verstande dat de tijdsbestedingsnorm van de wethouders gezamenlijk ten hoogste tien procent meer bedraagt dan de tijdsbestedingsnorm van de wethouders gezamenlijk zou hebben bedragen indien het tweede lid geen toepassing had gevonden.' It tal riedsleden is yn dyselde wet yn kêst 8 fêstlein.

Tal ynwenners	Tal riedsleden
6.001-10.000	13
10.001-15.000	15
15.001-20.000	17
20.001-25.000	19
25.001-30.000	21
30.001-35.000	23
35.001-40.000	25
40.001-45.000	27
45.001-50.000	29
50.001-55.000	31
80.001-100.000	37

De 14 Fryske gemeenten mei mear as 18.000 ynwenners hienen tusken 2002 en 2006 allegearre op syn minst trije wethâlders. Nei de ferkiezings fan 2006 hat allinne de gemeente Dantumadiel mei sawat 20.000 ynwenners in kolleezje dat bestiet út in boargemaster en twa wethâlders. Achtkarspelen en Dongeradiel binne weromgien fan fjouwer nei trije wethâlders en Eaststellingwerf is fan trije nei fjouwer wethâlders gien. De oare tsien gemeenten mei mear as 18.000 ynwenners hawwe itselde tal wethâlders holden.

- 5 A. G. Schouw, Het wethouderschap in grote en kleine gemeenten, yn: P. W. Tops, A. F. A. Korsten, C. A. T. Schalken (red.) *De wethouder*, VUGA, 's-Gravenhage, 1994, 159.
- 6 Sa hat it Ryk sûnt 2002 bygelyks allerhanne soarch- en wolwêzenstaken op it buordsje fan de gemeenten lein, mei as direkt gefolch dat de tiid dy't de oanbelangjende wethâlder(s) op dat mêd kwyt is/binne flink tanommen is. Sjoch: *Binnenlands Bestuur*, 24 oktober 2004.
- 7 Jeroen Terlingen, *Allemandsvriend. Het levensverhaal van Johan Stekelenburg*, s.p., 2005, 168.
- 8 Yn de sittingstermyn 2002-2006 moasten mei-elkoar 375 wethâlders (N= 1866) nei in polityk konflikt of op politike grûnen opstappe. Mei-elkoar is in treddepart fan de wethâlders yn dat tiidrek ferdwûn, om't weryndielings, oar wurk, sûnens en ferstjerren ek foar it ferfangen fan wethâlders soargje. (Boarne: *Binnenlands Bestuur*, 5 maaie 2006, 30-33.)
- 9 Kommissaris fan de Keninginne Ed Nijpels spruts op 1 april 2008 syn soargen út oer de ôfnimmende belangstelling foar politike funksjes, sjoen it weromrinnend ledetal fan de measte politike partijen (*Leeuwarder Courant*, 2 april 2008). Goed trije wike letter kaam er op itselde tema werom, doe't er yn *Binnenlands Bestuur* (25 april 2008) witte liet dat it hege ôfbrekkrisiko en in efterbliuwende beleaning de oarsaak binne foar in weromrinnende belangstelling foar in funksje yn it iepenbier bestjoer. Nijpels syn opmerkings freegje om mear as ien kanttkening. Sa is it tige de fraach oft de belangstelling foar in funksje yn it iepenbier bestjoer yndied ôfnimt. Sifers binne op dat punt net foarhannen. It is boppedat te maklik konkludearre, as soe de belangstelling foar politike funksjes yn it iepenbier bestjoer direkt gearhingje mei it ledetal fan politike partijen. Troch beneamings te ferbinen oan it partijlidmaatskip betsjut in weromrinnend ledetal heechstens dat it rekrutearingsfjild foar politike funksjes lytser wurdt. It ôfbrekkrisiko of de beleaning lykje fierder gjin reden om fan in partijlidmaatskip ôf te sjen.

	Ledetal politike partijen	1980	2008
10	CDA	143.000	69.200
	PvdA	112.000	59.327
	VVD	85.881	36.832
	SP	15.122*	50.238
	Partij voor de Dieren	-	6.972

Neffens opjefte *Documentatiecentrum Nederlandse Politieke Partijen*

* yn 1994

- 11 Berenschot, *Evaluatie van de Wet Dualisering Gemeentebestuur*, Berenschot, Utrecht, 2004, 71.
- 12 P. W. Tops, A. F. A. Korsten en C. A. T. Schalken, De dominante en dubbelzinnige positie van wethouders, yn: P. W. Tops, A. F. A. Korsten, C. A. T. Schalken (red.) *De wethouder*, VUGA, 's-Gravenhage, 1994, 15.
- 13 'Van werklust naar werklust' is de titel fan it VNG-rapport dat oanbefellings jout om it wurk fan lokale politisy '(nog) leuker te maken.' Dy titel jout sûnder reden de frijemde suggestje as soe 'werklust' gjin 'werklust' ynhâlde. Dat it wurk 'leuker' wurde moat, docht fierder it slimste tinken. (Commissie Positie wethouders en raadsleden, *Van werklust naar werklust*, VNG, Den Haag, 2008.)
- 14 De wethâlders fan Ferwerderadiel, in gemeente dy't sjoen it ynwennertal twa wethâlders yn dieltiid hat, pleiten yn 2008 op grûn fan de yn trochsnee werklik makke wurkwike foar mear betelle oeren foar it wethâlderskip (*Leeuwarder Courant*, 4 april 2008). De *Leeuwarder Courant* publisearre in pear dagen letter twa trochsnee-wurkdagen fan de beide wethâlders. Dat ek de B&W-gearkomste dêryn opfierd waard, docht allinne al tinken dat it oersjochje minder trochsnee is, as suggerearre. Dy gearkomste wurdt ommers mar ien kear wyks holden (*Leeuwarder Courant*, 7 april 2008). Op 17 april 2008 naam de gemeenteried fan Ferwerderadiel it beslút om de tiidsbestegingsnoarm foar de wethâlders mei yngong fan 1 maaie 2008 te ferheegjen fan 75 prosint nei 90 prosint wyks. Yn it útstel oan de gemeenteried liet it Kolleezje fan B&W witte dat in gemeente mei sa'n 9.000 ynwenners net folle oars is as in gemeente mei 18.000 ynwenners, dy't wol de mooglikheid fan wethâlders yn foltiid hat: 'De taken zijn nagenoeg gelijk, met een vergelijkbare inzet van uren.' Om dêrnei in oar argumint foar it útwreidzjen fan de beskikbere tiid te brûken, te witten 'het hoge ambitieniveau dat onze gemeente hanteert en het aantal grote lopende projecten' (Riedsstikken 17 april 2008, sektor II, nr. 6/11.08).
- 15 A. G. Schouw, Het wethouderschap in grote en kleine gemeenten, yn: P. W. Tops, A. F. A. Korsten, C. A. T. Schalken (red.) *De wethouder*, VUGA, 's-Gravenhage, 1994, 160.
- 16 Fan de 90 wethâlders dy't yn Nederlân yn de rin fan 2005 om allerhanne reden, mar it faakst fanwegen in polityk konflikt, út it kolleezje ferdwûnen, namen de lokale partijen it grutste diel foar har rekken, te witten sawat 28 prosint. In jier earder namen CDA-wethâlders it earste plak yn, folge troch wethâlders fan lokale partijen mei in oandiel fan 21 prosint fan de doe 145 ferdwûne wethâlders (*Binnenlands Bestuur*, 27, 1, 2006, 1). Yn 2007 namen wethâlders út lokale partijen it twadde plak yn as it giet om it fuortgean út in sittend kolleezje, mar dat barde fan alle partijen fierwei it faakst fanwegen in polityk konflikt (*Binnenlands Bestuur*, 29, 1, 2008, 31). Fryslân is, folge troch Drinte en Grinslân, yn Nederlân trouwens koprinner ûnder de provinsjes as it giet om de stabilens fan kolleezjes fan boargemaster en wethâlders yn it earste dualistyske tiidrek (*Binnenlands Bestuur*, 27, 18, 2006, 33). Yn datselde earste dualistyske tiidrek binne mei-elkoar 658 (N=1866) wethâlders foartidich ferdwûn. In fyftepart dêrfan (373) gie fanwegen in polityk konflikt (*Binnenlands Bestuur*, 27, 18, 2006, 30). It hege tal fan 145 wethâlders dat om in politike reden yn it earste jier fan it dualisme fallen is, is noch net wer helle. Yn 2007 en 2008 wienen dat der resp. 77 en 122 (*Binnenlands Bestuur*, 30, 1-2, 2009, 25).

- 17 Piet Hemminga, Skaaimerken en stânpunten fan wethâlders yn Fryslân, yn: *It Beaken*, 66, 2004, 2, 132.
- 18 *Binnenlands Bestuur*, 27, 18, 2006, 30-33.
- 19 Wil Portegijs, Brigitte Hermans, Vinodh Lalta, Emancipatiemonitor 2006, SCP, Den Haag, 2006, 100 e.v.
- 20 In enkête fan *Binnenlands Bestuur* ûnder de wethâlders mei soarch yn har portefúlje makke dúdlik dat de tiid dy't dy portefúlje freget sûnt 2002 tige tanommen is. Dat hat alles te krijen mei in desintralisaasje fan taken op dat mêd. Sa hawwe de gemeenten sûnt 2003 û.m. de plicht om in aktyf belied op it mêd fan de súnens te fieren. Fierder binne de gemeenten ferantwurdlik wurden foar de súnenssoarch foar bern oant 19 jier. Gemeenten hawwe de koördinaasje foar it oanpakken fan húslik geweld op har buordsje krigen, wylst de problemen mei de maatskiplike opfang om in oplossing freegje (*Binnenlands Bestuur*, 29.10.2004).
- 21 Schalken, C. A. T., De portefeuilles van wethouders, yn: P. W. Tops, A. F. A. Korsten, C. A. T. Schalken (red.) *De wethouder*, VUGA, 's-Gravenhage, 1994, 153-154.
- 22 Wim Derksen, *Lokaal bestuur*, VUGA, 's-Gravenhage, 1996, 113-123.
- 23 De stelling dat de eigen gemeente goed funksjonearret makket gjin ûnderskied nei de ûnderskate rollen dy't in gemeente spilet. Yn de selsevaluaasje dy't de Fryske gemeenten yn 2003 útfierd hawwe, is bygelyks in ûnderskied makke tusken de gemeente as beliedsûntwikkelder, tsjinstferliener, tafersjochhâlder, lokale demokrasy, bestjoerlik partner en wurkjouwer. Dyselde selsevaluaasje hat dúdlik makke dat de Fryske gemeenten wakker posityf oer it eigen kinnen en dwaan tinke, mei ien útsûndering, te witten de rol fan tafersjochhâlder en hanthavener (sjoch: Jaring Hiemstra, Arno Seinstra, Luuk Aarts, *Resultaten zelfevaluatie bestuurskwaliteit Friese gemeenten*, Provincie Fryslân, [Leeuwarden], 2003).
- 24 Jaring Hiemstra, Arno Seinstra, Luuk Aarts, *Resultaten zelfevaluatie bestuurskwaliteit Friese gemeenten*, Provincie Fryslân, [Leeuwarden], 2003, 12.
- 25 Linze Schaap en Arthur Ringeling, Buitenlands dualisme. Dualisering van het gemeentebestuur in Duitsland, Engeland, Italië en Nederland, in: *Bestuurswetenschappen*, 61, 5, 2007, 26.
- 26 Stuurgroep Evaluatie dualisering gemeentebestuur, *Aangelegd om in vrijheid samen te werken*, Den Haag, 2004, 10.
- 27 Stuurgroep Evaluatie dualisering gemeentebestuur, *Aangelegd om in vrijheid samen te werken*, Den Haag, 2004, 27.
- 28 Yn formele sin stiet in kolleezje fan boargemaster en wethâlders foar kollegiaal bestjoer (Kêst 34.1 Gemeentewet). De leden binne yn mienskiplikens ferantwurdlik foar alle taken dy't it kolleezje opdroegen binne. Dat nimt net wei dat de hjoeddeiske wethâlder hiel wat autonomer is as earder (Wim Derksen, *Lokaal bestuur*, VUGA, 's-Gravenhage, 1996, 42). Yn de praktyk is sels in fjochterskolleezje net útsluten (A. G. Schouw, *Bestuursstijlen van wethouders*, VNG Uitgeverij, 's-Gravenhage, 1996, 90).
- 29 Berenschot, *Evaluatie van de Wet Dualisering Gemeentebestuur*, Berenschot, Utrecht, 2004, 70.
- 30 Begeleidingscommissie Vernieuwingsimpuls dualisme en lokale democratie, *De positie van de wethouder: de toekomst van het verleden?* VNG Uitgeverij, Den Haag, 2004, 15.

- 31 Piet Hemminga, Skaaimerken en stânpunten fan wethâlders yn Fryslân, yn: *It Beaken*, 66, 2004, 2, 141.
- 32 De stjoergroep 'Evaluatie dualisering gemeentebestuur' hat yn har einrapport fan 15 desimber 2004 konstatearre dat riedsleden tsjin alle bedoelings yn earder mear as minder op it gemeentehûs te finen binne. (Stuurgroep Evaluatie dualisering gemeentebestuur, *Aangelegd om in vrijheid samen te werken*, Den Haag, 2004, 21.)
- 33 Brief fan de minister foar Bestjoerlike Fernijing en Keninkryksrelaasjes oan de foarsitter fan de Twadde Keamer, 24 april 2006.
- 34 Stuurgroep Evaluatie dualisering gemeentebestuur, *Aangelegd om in vrijheid samen te werken*, Den Haag, 2004, 27.
- 35 De 408 Nederlânske gemeenten telden yn itselde tiidrek mei-elkoar 117 wethâlders fan bûten de ried.
- 36 Ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties, *De eerste klap is een daalder waard*, Den Haag, 2002, 16.
- 37 *NRC-Handelsblad*, 19 februari 1998.
- 38 *Leeuwarder Courant*, 7 maart 2002.
- 39 Dat de ymplemintaasje fan it dualisme mear tiid nedich hie as fjouwer jier, wie ek it sizzen fan Fryske belanghawwenden, doe't de earste twa jier fan it gemeentlik dualisme der op sieten. Hja hienen it oer op syn minst seis oant acht jier (*Leeuwarder Courant*, 10 april 2004).
- 40 Dêrby kin betocht wurde dat de Wet dualisering gemeentebestuur (Stb. 2002, 111) ta stân kaam ûnder ferantwurdlikens fan it twadde kabinet-Kok (1998-2002). Mr. K. G. de Vries (PvdA) wie minister fan Binnenlânske Saken en Keninkryksrelaasjes yn dat kabinet.
- 41 Schaap en Ringeling bepleitsje, mei op grûn fan de dualisearingspraktyk yn oare lannen, mear mooglikheden ta in plurifoarme oanpak op lokaal nivo. Nederlân biedt oan no ta winliken gjin romte foar it tastean fan lokale ferskillen (Linze Schaap en Arthur Ringeling, Buitenlands dualisme. Dualisering van het gemeentebestuur in Duitsland, Engeland, Italië en Nederland, yn: *Bestuurswetenschappen*, 61, 5, 2007, 38).

Literatuer

- Begeleidingscommissie Vernieuwingsimpuls dualisme en lokale democratie, *De positie van de wethouder: de toekomst van het verleden?* VNG Uitgeverij, Den Haag, 2004.
- Berenschot, *Evaluatie van de Wet Dualisering Gemeentebestuur*, Berenschot, Utrecht, 2004.
- Binnenlands Bestuur*, 29 oktober 2004; 6 jannewaris 2006; 17 febrewaris 2006; 5 maaie 2006; 4 jannewaris 2008; 9 jannewaris 2009.
- Commissie Positie wethouders en raadsleden, *Van werklust naar werklust*, VNG, Den Haag, 2008.
- Derksen, Wim, *Lokaal bestuur*, VUGA, 's-Gravenhage, 1996.
- Hemminga, Piet, Skaaimerken en stânpunten fan wethâlders yn Fryslân, yn: *It Beaken*, 66, 2004, 2, 127-157.
- Hiemstra, Jaring, Arno Seinstra, Luuk Aarts, *Resultaten zelfevaluatie bestuurskwaliteit Friese gemeenten*, Provincie Fryslân, [Leeuwarden], 2003.

Portegijs, Wil, Brigitte Hermans, Vinodh Lalta, *Emancipatiemonitor 2006*, SCP, Den Haag, 2006.

Leeuwarder Courant, 7 maart 2002; 10 april 2004; 2 april 2008; 4 april 2008; 7 april 2008
Ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties, *De eerste klap is een daalder waard*, Den Haag, 2002.

NRC-Handelsblad, 19 febrewaris 1998.

Pol, W. J. M. en J. M. J. Berghuis, Bestuur, yn: J. M. J. Berghuis, M. Herweijer, W. J. M. Pol, *Effecten van herindeling*, Kluwer, Deventer, 1995, 95-130.

Schaap, Linze en Arthur Ringeling, Buitenlands dualisme. Dualisering van het gemeentebestuur in Duitsland, Engeland, Italië en Nederland, yn: *Bestuurswetenschappen*, 61, 5, 2007, 26-45.

Schalken, C. A. T., De portefeuilles van wethouders, yn: P. W. Tops, A. F. A. Korsten, C. A. T. Schalken (red.) *De wethouder*, VUGA, 's-Gravenhage, 1994, 145-156.

Schouw, A. G., *Bestuursstijlen van wethouders*, VNG Uitgeverij, 's-Gravenhage, 1996, 90.

Schouw, A. G., Het wethouderschap in grote en kleine gemeenten, in: P. W. Tops, A. F. A. Korsten, C. A. T. Schalken (red.) *De wethouder*, VUGA, 's-Gravenhage, 1994, 159-165.

Stuurgroep Evaluatie dualisering gemeentebestuur, *Aangelegd om in vrijheid samen te werken*, Den Haag, 2004.

Terlingen, Jeroen, *Allemansvriend. Het levensverhaal van Johan Stekelenburg*, s.p., 2005.

Tops, P. W., A. F. A. Korsten en C. A. T. Schalken, De dominante en dubbelzinnige positie van wethouders, yn: P. W. Tops, A. F. A. Korsten, C. A. T. Schalken (red.) *De wethouder*, VUGA, 's-Gravenhage, 1994, 11-24.

